



# **DE FLOK FAN DE FARAO**

(De vloek van Farao)

**Klucht yn fjouwer bedriuwen**

**troch**

**NICO TORRENGA**

**Fryske oersetting fan Griet Reitsma-de Jong**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **DE FLOK FAN DE FARAO** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **NICO TORRENGA** en vertaler **GRIET REITSMA-DE JONG** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

© 2024 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv

Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (YouTube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **8** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,**

**E-mail: [rechten@toneelfonds.be](mailto:rechten@toneelfonds.be). Telefoon (03)3.66.44.00,**

**Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

Beant Berepoot - hotelgast

Aaltsje Berepoot – syn frou

Paul - hotelgast

Albert van Liendenberg - hotelgast

Laurette van Liendenberg – syn frou

Nanet - reisliedster

Abu Bakar – hoteleigener

Sahira – hotelmeiwurkster

\*Dûanier m/v

\*\*Stewardess m/v

\* De rol fan dûanier kin troch Abu spile wurde. In frou soe ek kinne. Hiele lytse rol yn 1e bedriuw.

\*\* Dizze rol hat gjin tekst. De rol fan stewardess ken ek troch Sahira, Nanet of in figurant spile wurde. Soe ek troch in man spile wurde kinne. Ek kin de rol fan Sahira mei wat lytse oanpassingen troch in man spile wurde!

(8-10 pers. 4/5 manlju, 4/3 froulju)

As jo help noadich hawwe mei de oanpassingen dan graach even in berjochtsje nei [info@nicotorrenga.nl](mailto:info@nicotorrenga.nl) Ik help jo graach!

## DEKOR:

It earste bedriuw wurdt út de seal wei spile. As de seal der net geskikt foar is, kin it earste bedriuw folslein weilitten wurde.

It toaniel is de ûntfangsthal fan in hotel yn Egypte. Links en rjochts in doar en yn 'e midden in iepening mei op de achterwand fan dizze iepening in skildere rût mi útsicht op in piramide en palmbeammen of sa. Fia dizze iepening kinst links en rjocht fan it toaniel ôf. Yn de achterwand moat in dúdlik sichtber lûk sitte dêr't in spiler trochhinne kinne moat! (*eventueel in soarte fan lytse lift*) Der stiet in lytse baly tsjin de achterwand. Links fan it toaniel stean twa taffeltsjes mei elk 2 as 3 stuoltsjes en rjochts in lyts bankje. Mocht it kwa romte net passe, is it wol winsklik om it lûk sa te meitsjen dat der yn elk gefal smoarge wask trochhinne kin. Mei it lêzen fan it stik wurdt wol dúdlik wêrom! It toaniel moat yn Egyptyske sfearen ynrychte wurde.

In soad sukses tawinske!  
Freonlike groetnis fan Nico Torrenga.

## EARSTE BEDRIUW

*(It earste bedriuw wurdt út de seal wei spile. As de seal der net geskikt foar is, kin it earste bedriuw folslein weilitten wurde. Hjir hat it stik fierder gjin skea fan. Geandewei it lêzen sille jo begripe wat myn bedoeling is!*

*De seal is saneamd in wachthall op Skiphol, mar dat wit it publyk earst net! Foar yn 'e seal stiet in deteksjepoartsje mei in Dûanier fan Arabyske komôf. It doek bliuwt it hiele earste bedriuw ticht. It ljocht yn 'e seal begjint wat te knipperjen om de oandacht fan it publyk te easkjen. Dan hearst it lûd fan in fleantúch troch de seal, folge troch de stim fan in omropster sa 't je dat op Skiphol hearre. 'Wolle de passazjiers foar Egypt-Airlines, flecht 77865 nei Caïro, harren sa gau mooglik melde by gate G8. Ik herhelje, 'passazjiers foar Egypt-Airlines, flecht 77865 nei Caïro, sa gau mooglik melde by gate G8')*

**AALTSJE:** *(achtern de seal op, ûnnoazel type, simpel uterlik, simmersk klaaid, bûdeltaske, hântaske en is yrritearre)* Man, sjit no ris op. *(suchtsjend)* it fleantúch wachtet net op ús, hear!

**BEANT:** *(op 'e achtergrûn)* Och mins, wat kin my dat no skele. Ik ha wol wat oars oan 'e holle. Om my gean se sûnder ús fuort!

**AALTSJE:** Kom no, Beant. It sjocht hjir swart fan de minsken en wa binne wer de lêsten? Aaltsje en Beant Berepoot!

**BEANT:** *(Beant hat in opfallende heech oplutsen koarte broek, oerstrûper mei koarte mouwen en sandalen mei sokken oan, mar wurdt net as dom type delset. Komt op mei rêchsek, koffer en 2 folle boadskiptassen)* Tsjonge noch ta ... Earst even bekomme hear! *(giet op 'e koffer sitten)*

**AALTSJE:** *(ferheard)* Bekomme? Wêr moatsto fan bekomme? *(yrritearre)* Sjit no op! Wy moatte ynsjekke!

**BEANT:** De watte?

**AALTSJE:** Ynsjekke! Och, do witst wol. Us kaartsjes knippe litte, foeldeare en sa ... *(rinne wat nei it midden fan 'e seal)*

**BEANT:** *(sjukt mei de bagaazje achter har oan)* O ... do bedoelst bedoelt fûilleare! En it is ynchecke, net ynsjekke!

**AALTSJE:** Wat sille wy no krije? Is menear ynienen professor? Do

bist sels in frjemdling yn Jeruzalim en dan moatst my ferbetterje?

**BEANT:** (*Ferheard*) Jeruzalim? Wy gean toch nei Egypte?

**AALTSJE:** Dat bedoel ik dus ...

**BEANT:** Sis, Aaltsje ... Gean al dizze minsken ek mei ús yn it fleantúch?

**AALTSJE:** (*synysk*) Ei, nee ju ... Dy wachtsje hjir oant de Tour de France foarbykomt. No goed? (*bits*) Natuerlik gean dy yn itselde fleantúch! Do bist ek sa'n lantearne sûnder ljocht!

**BEANT:** Ik haw noch noait flein en ik fyn it hartstikke spannend. Ik knyp him nochal wat, ast dat mar witst! Ik begryp ek net wêrom 't ik ynstimd ha om mei te gean nei dy grutte sânbak! Ferline wike haw ik noch in artikel lêzen oer dy Toetang en syn Amon ... Dat gie oer de flok fan de Farao! No, dat Egypte liket my hielendal neat. Al dat sân ... en dat iten liket my ek neat ta. Grif couscous mei it fleis fan in kaniel. Wa betinkt soks? Ast mar witst dat ik folle leaver mei ús karavantsje nei de camping gien wie!

**AALTSJE:** (*yrritearre*) Krije wy dat geseur no wer? Tsjonge noch ta. Wat bisto toch ek in oansteller. (*laket*) Neffens my bisto noch benaud foar dysels! Sit der mar net oer yn, de famkes fan it reisburo garandearje dat it op dit stuit folslein feilich is yn Egypte!

**BEANT:** (*synysk*) No, as de famkes dat sizze, sil it wol sa wêze! Ast mar witst dat ik net op sa'n (*bewust ferkeard*) kemeel sitten gean en ik gean ek net nei dy piramides yn dy drûge, hjitte Sahara!

**AALTSJE:** Dat hoecht ek net, want ik haw in alles-ynklusyf reis boekt. Wy sitte yn in prachtich nij hotel oan see, dat wy hoege nergens hinne! (*lit folder sjen*)

**BEANT:** Gean wy dêr hinne? (*Aaltsje knikt entûsjast*) Mar dêr stiet fierder neat. Is dêr gjin boele... boele... Eh, ik bedoel winkeltsjes en sa?

**AALTSJE:** Do bedoelst fansels oft der ek in bûlevaar is mei ferskillende barkes ... It is alles-ynklusyf, leave! Alles is fergees! (*rint nei it deteksjepoartsje*)

**BEANT:** No, ik sit leaver mei in kratsje bier foar myn karavan, ast dat mar witst! (*sprekt samar in man yn 'e seal oan*) Jo gean ek nei dy sânbak? Ik fyn it mar neat ... Al dat sân wat oeral oan en yn sitten giet. Oan it gesicht fan jo frou te sjen moatte jo ek ferplicht mei!

**AALTSJE:** Beant Berepoot! Hjir komme do! Wy moatte troch dit

poartsje en se wolle yn ús bagaazje sjen.

**BEANT:** *(ropt troch de seal)* Wêr is dat goed foar?

**AALTSJE:** Dat moat foar de feilichheid.

**BEANT:** Feilichheid? Wat kin it dy fint skele wat foar ûnderbroeken ik meinommen ha? Of wol er miskien kontrolearje oft jim mem yn dizze koffer sit? *(laket)* As dat sa wie dan hiene wy net in retoerke Egypte boekt, mar in inkeltsje Verweggistan! *(laket)*

**AALTSJE:** Och fint, stean net sa dom te swetsen en kom hjirhinne. *(Beant rint al foeterjend nei har ta. Achteryn 'e seal komt Paul op mei in koffer. In typyske toerist, wat in wyfke)*

**BEANT:** *(Aaltsje siket yn har hântas, dûanier sjocht yrritearre)* Wat fynst allegear út?

**AALTSJE:** *(senuweftich)* Ik sykje ús paspoarten!

**BEANT:** *(yrritearre)* Dy hast niiskrekt ommers noch yn 'e hannen hân?

**AALTSJE:** Ja, dat wit myn kont ek wol! Mar ik wit net wêr't se no binne.

**BEANT:** Miskien moatst it dyn kont freegje. *(laket tsjin Paul)*

**AALTSJE:** Och fint, ha net sok dom praat. Ik bin der wis fan dat ik se yn dizze tas dien ha. *(Beant dûkt yn ien fan de tassen en hellet alles derút, it wurdt ien grutte binde)* Wat dochst no? Toe no man, tink toch ris nei ... *(Aaltsje triuwt har ûnderguod en sa wer yn 'e tas)* Nim ús mar net kwea-ôf hear, menear. Wy fleane foar it earst en de senuwen binne ús in bytsje de baas.

**PAUL:** Och, mefrouke toch ... Sit der mar net oer yn. It komt allegear goed. Alles op syn tiid!

**BEANT:** *(yrritearre)* Och ja, nim foaral de tiid. Anst sit ik wer neist ien of oare grouwe stjonkert dy't snoarket yn 'e sliep, of in oerspannen mem mei fan dy jankende rotbern! Dêr haw ik dus gjin sin oan, Aaltsje!

**AALTSJE:** Stel dy net sa oan! Ah ... hjir binne se! Sjoch ris oan, menear de *(ferkeard útsprekke)* dûanier. *(jout se oan dûanier en dizze besjocht se wiidweidich)* Let mar net op de foto fan myn man, want it liket krekt in krimineel mei syn segrinige kop. *(laket)*

**BEANT:** Nee, do lûkst folle sealen!

**DÛANIER:** *(Arabysk)* Ische dit jo?



**AALTSJE:** Ja, wa oars? (*laket*) Ja, ik begryp jo wol hear. Ik wie doe krekt nei de kapper west, mar myn perkamint wie mislearre.

**BEANT:** Se liket krekt op Pino fan Sesamstrjitte. (*laket*)

**DÛANIER:** Wat ische Pino?

**AALTSJE:** Let mar net op him. Hy is sa wiis as Salomo's kat!

**DÛANIER:** Iekke net begripe!

**AALTSJE:** He is eh ... He is not so klever as de (*op syn Ingelsk*) Cat fan Salomo ... Yes, you understanding?

**DÛANIER:** (*begrypt der neat fan, besjocht har nochris goed*) You can go through, please.

**AALTSJE:** (*fout Ingelsk*) Sank you very well, menear! (*Aaltsje rint troch it poartsje en betanket de man wat ûnhandich en giet ôf*)

**BEANT:** (*wol ek trochrinne, mar alarm giet ôf en dûanier hâldt him tsjin*) Wat is der no wer?

**DÛANIER:** You have keys, sir? (*gebeart dy del te lizzen*)

**BEANT:** (*ferheard*) Kiesss? Fansels haw ik kiezzen. (*tsjin Paul*) Wat is dat no foar in domme fraach?

**PAUL:** (*laket*) Hy wol witte oft jo wat fan metaal by jo hawwe, want dat moatte jo dan yn dat bakje dwaan!

**BEANT:** (*ferheard*) Huh? Metaal? Ik ha wol in gebit mei in klikstysteem ... Moat myn gebit yn dat bakje?

**PAUL:** Ik leau net dat dat de bedoeling is.

**AALTSJE:** (*komt werom*) Wat is dat hjir toch allegear?

**PAUL:** Menear, jo moatte jo kaaien yn dat bakje dwaan, dat is alles.

**AALTSJE:** (*skammet har*) Sjit no ris op!

**BEANT:** (*pakt syn beurs*) Ik ha gjin kaaien, mar wol in beurs mei lytsjild. (*docht dy iepen en lit it oan Dûanier sjen, dizze gebeart him de beurs del te lizzen*)

**AALTSJE:** (*yrritearre*) Iis it no mar del en rin der wer trochhinne, grutte loarte! (*Beant keart syn beurs om en it lytsjild rôlet alle kanten út*) Leave santjin! Do bist ek sa'n sûch! Ik kin dy ek werklik nergens mei hinne nimme, hin? Man, ik skamje my dea.. Elk sjocht nei ús!

**BEANT:** Och, wat kin my dat skele! (*Beant en Paul krije it jild op, Aaltsje sjocht der lilck nei*)

**DÛANIER:** Next please.

**PAUL:** No, menear ... It measte jild is der wer.

**AALTSJE:** Och, sorry hear menear. Wy binne ek sa senuweftich, hin? Wy binne dit ek net wend, no?!

**PAUL:** Och, meitsje jo mar net drok, mefrou. It binne allegear rampen oan dizze kant fan it grêf. Der binne slimmere dingen hear! En dan noch wat, fleanen stelt neat foar. Foardat jo der erch yn ha binne jo heech yn 'e loft.

**BEANT:** *(sarkastysk)* Ja, en dan mar hoopje dat it fleantúch net nei ûnderen komt!

**PAUL:** Goede reis!

**AALTSJE:** Jo ek menear! *(sjocht wer nei Beant)* Kinne wy dan no einliks nei it fleantúch?

**BEANT:** No, fuort dan mar. It is dat ik dy der in plezier mei doch, mar oars ... *(op dat stuit komme Albert en Laurette hastich binnen)*

**LAURETTE:** *(bytsje autoritêr, praat bekakt)* Kom no toch, *(syn namme op syn Frânsk útsprekke)* Albert ...

**ALBERT:** *(tige netsjes klaaid, saaklik uterlik, wat in sûch)* Ja, leave ... Ik kom deroan, leave.

**LAURETTE:** Ik bin hielendal fan myn apropos. Mar it is net oars.

**ALBERT:** Nee, leave ... It is net oars, leave.

**BEANT:** Leave santjin ... Moatst dat mins sjen. Wat in omheech fallen tutte!

**AALTSJE:** *(skammet har)* Stttt. Stil no!

**BEANT:** Ik moat dat soarte minsken net. Dat soarte sjocht altyd op op in oar del, Aaltsje!

**AALTSJE:** Wat witsto dêr no fan? Do kenst se net iens.

**LAURETTE:** *(stean noch hieltyd by de yngong)* Ik fyn it ferskriklik dat myn Charlotte net by ús bliuwe mei, Albert.

**ALBERT:** It is net oars, leave.

**BEANT:** Wat tinksto, Aaltsje? Gean sy ek nei Egypte?

**AALTSJE:** Gjin flau idee ... It lykje my mear types foar in djoer resort yn Dubai.

**BEANT:** *(laket)* Ik sjoch har ek noch net op in kemeel troch de Sahara riden! It liket my in oerhearskjend type. Kinst sa sjen wa't dêr de

broek oan hat!

**AALTSJE:** No ja, der kin mar ien grutte mêst op in skip wêze.

**BEANT:** *(tsjin it publyk)* Fertel my wat.

**AALTSJE:** Wat woest dêrmei sizze? O, se komme deroan. *(beide draaie harren gau om)*

**DÛANIER:** Please sir ... *(gebeart Beant troch it poartsje te gear)* You can go through. Have a good trip!

**BEANT:** Is goed, bêste man ... *(Beant en Aaltsje gear troch it poartsje en gear ôf, Laurette en Albert jouwe harren paspoarten, gear ek troch it poartsje. Stim troch de seal: 'Lêste oprop foar Egypt-airlines, flecht 77865 nei Caïro, passazjiers sa gau mooglik melde by gate G8, oer trije minuten begjint it boarden')*

## **EIN EARSTE BEDRIUW**

## TWADDE BEDRIUW

*(op it momint dat de lêste ôf is, komt der foar it doek in stewardess. Krekt as op Skiphol, galmet in stim fan in omropster troch de seal mei de noadige ynformaasje út it stik. De stewardess sil krekt as yn in fleantúch mei help fan gebearen de ynformaasje bekrêftigje. As ôfsluting wer it lûd fan in stigend fleantúch yn 'e seal. Dêrnei giet it doek iepen)*

**ABU:** *(klaaid yn donkere bedriuwsklean fan it hotel, praat gebrekkich mei in Arabysk aksint. (Is goed = ische goed) is achter de baly dwaande, Paul komt midden op mei in pear plestik tassen)* Abarakéé? (=Arabysk en betsjut 'hoe giet it?' en giet fierder mei opromjen. Paul groetet Abu, Albert komt links op) Lekker winkele?

**PAUL:** Dat falt genôch ta, hear! Ik ha fûn wat ik socht.

**ABU:** *(pleaget)* Olala ... do dogeniet. *(knypeach)*

**PAUL:** Dit hotel foldocht my poerbêst en alles is hjir like moai. *(besjocht Abu wiidweidich)* Prachtich moai sels!

**ALBERT:** Menear Abu? Myn frou is net alhiel tefreden oer ús akkommodaasje.

**ABU:** Ikke moat sizze my spyt ... Wy personiel te koart. Ikke Abu, moat hurd wurk, pikkolo sjiik, keamerfamke sjiik, kok isch ek sjiik, ische net goed!

**ALBERT:** Dat is hartstikke ferfelend!

**PAUL:** *(giet sitten)* Sis, Abu ... Hoe kin it datsto Frysk praatst?

**ABU:** Abu troud mei Fryske frou.

**ALBERT:** Do bist troud mei in Friezinne troud?

**ABU:** Ja, Elsch komme út Ljouwert...

**PAUL:** Dat mienst net? Ik kom ek út Ljouwert. Miskien ken ik har wol!

**ABU:** Eh ... Ikke tinke fan net. Abu hat mei Elsch wenne yn Amschterdam. Wy ferhúzje nei hjir tsien jier werom.

**LAURETTE:** *(links op, denigrearjend, heechhertich, bekakt)* Bêste man ... Hawwe jo al in ynterieursoarchster fûn?

**ABU:** Ja, ische klear. Ikke poetschfrou regele hawwe.

**LAURETTE:** Moai! Ik fyn de hygiëne ûnakseptabel. Je ferwachtsje in sûkerskjinne keamer, mar wat blykt? Us bêdeguod is net skjin! Boppedat leit der in âlde pleister yn it putsje fan 'e dûs ... (*griist derfan*) Tige ûnsmaaklik!

**PAUL:** Tsja, en je hawwe fansels ek gjin flau idee wêr't sa'n pleister sitten hat. (*laket*)

**ABU:** Myn ekskoesch! Ikke meitsje goed mei jo!

**LAURETTE:** (*yrritearre*) Oan jo ekskoes haw ik neat. Soargje jo der no mar foar dat it goed komt! Myn poes is hiel gevoelich foar stof... Albert, kom! (*giet links ôf*)

**PAUL:** (*sjocht har nei*) Sa, mefrou hat sprutsen!

**ABU:** Ikke gelyk har jaan. Personiel ische te koart en mei stoarm op komst ische gjin personiel te krijen.

**BEANT:** (*op 'e achtergrûn hearst Beant foeterjen*) Ast mar witst dat wy takom jier wer gewoan mei de karavan nei de camping gean!

**AALTSJE:** (*Beant en Aaltsje midden op mei bagaazje*) Wêrom moatsto no altyd seure.

**PAUL:** Sjoch ris wa't wy dêr hawwe!

**BEANT:** No, dat is ek tafallich. Jim sitte dus ek yn dit hotel?

**PAUL:** Ja ... Mar wêrom sieten jim net by my yn 'e bus? Hiene jim dy mist?


**AALTSJE:** (*laket*) No, dat is in hiel bysûnder ferhaal.

**BEANT:** (*skammet him*) Dizze man hat hielendal gjin ferlet fan dyn geëamel, Aaltsje!

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407

**TONEEL**  
**UITGEVERIJ**  **INK**

**“Samenspelen” is ons motto**